



# BIOGRAFY

Yn 2007 op it benefytkonsert Oxpop yn Dronryp ontstiet band NNB. De mannen Brend Kingma, Wilco Kingma, Lucas Hartkamp en Gosse-Pieter de Vries begjinne in coverband. Oan de ein fan it jier wurdt dit oanfold mei eigen nûmers.

Nei in oantal optredens liet Lucas witte net fierder te wollen en stoppet dermei. Ein 2007 giet NNB fierder als 'power-trio' en bestiet dan út:

Brend Kingma: Drums

Wilco Kingma: Gitaar, Sang

Gosse-Pieter de Vries: Basgitaar en sang

Nei in protte optredens wurdt yn 2008 de maxi-single 'Moat wurkje' útbrocht. De mannen hawwe de cd yn eigen behear en oan de ein fan dit jier wurde der plannen makke foar in album. Dan tekenje sy begjin 2009 in platekontrakt by Marista Records Dronryp. Marius de Boer, eigner van de platemaatskippij, hat yntresse yn de band om't er tinkt dat Fryslân ta is oan in band as NNB. In Rock en Beuk band mei infloeden fan Bombarje, Dropkick Murphy's en Flogging Molly. It album Rock & Beuke wurdt opnommen by "Studio Jansen".

6 maart 2009 wurdt it album en de nije bandshirts presentearre yn kafé "Yn 'e Stâl" yn Dronryp. In grut feest en de earste CD wurdt útrikke troch Klaas Land (Eks-manager Strawelte).

Begjin 2010 betinkt Erik Zijlstra in Fryske pornofilm: "De del fan '63". NNB makket hjirby de soundtrack en in passende videoclip dy't letter ek as single útbrocht wurdt. Dizze komt úteinlik op Youtube en wurdt der ek drest wer ôfhelle om't der neakene froulju te sjen binne.

Yn 2010 wurdt der op ferskate lokaasjes optreden, wêrûnder Bernlef, de Fryske studinteferiening yn Grins, it Fryske festival 'Aaipop', Snitswike, Harleydag Oosterwolde. It podium wurdt faaks diel mei band as Jitiizer, De Kast, de Hûne kop, Jarretank en Kramtried. NNB docht dat jier ek mei oan 'Liet' (Omrop Fryslân), in podium wêr't NNB net sa gau ferwachte waard. Fan de 11 finalistien krijt NNB in fierde plak mei it nûmer 'Pauper'.

Maart 2011 begjinne de hearen mei it opnimmen fan in debuutalbum 'Bjusterbaarlik Hurd'. De ynfloeden binne dúdlik te hearen. Brend sil sjonge en Wilco ruilet syn Gibson gitaar faaks yn foar in banjo of mandoline. Begjin 2012 wurdt 'Grutte Pier' released mei as B-side 'It âlde mantsje'. 24 nûmers op 'Bjusterbaarlik Hurd', wêrfan de hiele opnameproduksje en it ûntwerp foar de hoes makke wurdt troch de mannen sels en it bedriuw fan ien fan harren: Piedesign.

9 april 2012 wurdt 'Bjusterbaarlik Hurd' útbrocht op Aaipop te Nijlân. In folle tinte, bier, gastmuzikanten en in goede sfeer meitsje fan dizze dei in grut feest. Nei't de plaat útbrocht wurdt, wurdt dizze in soad ôfspiele op de Frysk radio wêrtroch de mannen in protte goede reaksjes krije. Foaral 'Grutte Pier', 'De strjitemuzikant' en 'It âlde mantsje' wiene faaks te hearen. Twa wike nei Aaipop komt de plaat 'Bjusterbaarlik Hurd' yn de album top 100 fan Nederlân binnen op nûmer 50! De op ien nei heechste binnenkommer fan die wike. NNB hie nea tocht dat se ea yn in list mei nammen as K3 en Guus Meeuwis komme soene te stean.



# BIOGRAFY

Nei't se derachter kommen wiene dat de Hoesûntwerper Pieter Hoekstra ek gitaar spielje kin, wurdt hy oan 'e band tafoege. De ekstra snaren soarchje derfoar dat de band noch mear ferskate siden fan harren muzyk heare litte kinne. Letter docht bliken dat Pieter sels as sanger in goede oanwinst is.

## Yn 2012 bestiet NNB út:

Brend Kingma: Drums, sang, koebel.

Wilco Kingma: Elektryske gitaar, sang, banjo, mandoline.

Pieter Hoekstra: Elektryske gitaar, sang, akoestyske gitaar.

Gosse-Pieter de Vries: Basgitaar en sang.

De fjouwer hearen oefenje mei inoar foar in nije sjow en spielje ûnder oare by Bildtbeat, Tigh Barra (Ierske Pub), Oorbyt. De ekstra snaren soarchje foar mear mooglikheden en foar mear decibels. Live wurdt der mei mear enerzjy spile en ek komme de Ierske Folk Rock ynfloeden fan Dropkick Murphys en Flogging Molly dúdlik nei foaren. It is dúdlik wêr't de bandleiden harren ynspiraasje opdogge.

Yn 2013 wurdt de rjochting fan it nije album dúdlik en wurdt de band útwreide mei wer in nij bandlid, Sarina Kingma. Sy spilet de Thin Wistle (Ierske fluit) en soarget hjirmei foar mear melodie. Letter dat jier lit sy ek har akkordeon heare.

## Healwei 2013 bestiet NNB út:

Brend Kingma: Drums, sang, koebel.

Wilco Kingma: Elektryske gitaar, sang, banjo, mandoline.

Sarina Kingma: Thin Wistle (Ierske fluit), akkordeon.

Pieter Hoekstra: Elektryske gitaar, sang, akoestyske gitaar.

Gosse-Pieter de Vries: Basgitaar en sang.

Mei fiif man sterk begjinne sy oan de nije nûmers dy't opnommen en produsearre wurde troch Gosse-Pieter de Vries. NNB besiket safolle mooglik yn eigen hannen te hâlden sadat sy ek die eigen 'sound' behearen bliuwe kinne.

Juli 2013 komt ek it earste ynternasjonale optreden, nammentlik in Bierfest yn Dútslân. In festival mei meardere bands, moai waar en bier. Foar dit evenemint wurdt in spesjaal 'Bierfest shirt' drukt. Letter, op it Fryskbloed Festival yn de Lawei Drachten soarget de band dat der noch lang neipraat wurdt troch harren optreden yn it teater. Dit wie ien grut feest, wat net faker op dizze wiize yn in teater dien wurdt.

Yn 2014 wurkje Kees, Fred en Bronius mei oan in nije plaat. Knallende drums, fikse gitaren, Floggy melodieën fan de banjo en thin wistle en in soad sang. De hiele plaat wurdt ôfmixt troch Double Impact te Oentsjerk. De nije plaat 'Tekene foar it libben' wurdt released op Aaipop 2014, it Fryske muzykfestival.

